

Friesche Tjerne is gewoan in minske

Piter Boersma

Summary

This article is a plea for Hein de Jong's thesis Een psychoanalytische studie van poëzie. Geïllustreerd aan de Friesche Tjerne van Gysbert Japicx. Within Frisian studies scholars have reacted negatively to the psychoanalytic approach of De Jong. It was claimed that his interpretation completely ignored the seventeenth century cultural and historical context in which the poem was created. However, I am just glad that De Jong's approach freed the text from the cultural, historical and philological approach that monopolized the study of Frisian literature. I want to show in this article that De Jong's interpretation breathed life into character and poem and made them interesting to the contemporary reader, making identification and confrontation possible.

Ynlieding

Ik wist al dat Hein de Jong mei in proefskrift oer 'Friesche Tjerne' fan Gysbert Japicx dwaande wie – hie der sels alris in ferzje fan ynsjoen – doe't ik in tal jierren lyn in kollega op 'e FA der oer hearde. Hy wie frege om as taalkundige nei de ynterpretaasjes fan De Jong te sjen en spuide mâl guod oer hoe't De Jong wurden ynterpretearre, algemiener sein mei de taal fan it gedicht omgong, de betsjutting nei syn hân sette en de literêr-histoaryske kontekst net meinaam. De felheid dêr't dat mei gong fernuvere my en ek syn ferhaal dat professor Goffe Jensma fan Grins Hein de Jong as promovendus ôfstegere hie en dat it manuskript no by Rolf Bremmer lei, dy't him der winliken ek net oan brâne woe en myn kollega op 'e FA frege hie om der ek ris nei te sjen. It wie dúdlik, by de Frisistyk soe Hein de Jong net binnendoarren komme.

By einsluten is De Jong yn Tilburg promovearre. Ik wie by de promoasje oanwêzich en dat as iennichste út it Fryske wrâldsje. Ik ha it boek oanskaft en it mei groeiend entûsjasme ta my naam, der doe in besprek oer skreaun en dat publisearre yn it Frysk literêr tydskrift *Ensafh*.

Doe't ik yn de maaitiid fan 2016 lies dat der in 'Dei fan de Fryske Letterkunde' organisearre wurde soe, ha ik de inisjatyfnimmers wiisd op it proefskrift en op myn besprek en sein dat it eigenskip hie om omtinken oan it proefskrift te jaan en De Jong te freegjen om in lêzing te fersoargjen. Se woene De Jong net ha mar my eventueel wol, om it kontroversjele fan it boek. Oer it al of net terjochte ôfwizen fan de oanpak fan De Jong

troch de Frisistyk mei syn filologyske en kultuer-histoaryske ynstek, soe ik miskien wat sizze kinne. Om my sprekke te litten like de organisa-toaren de feilichste wei. Goed thús yn de wrâld fan de Frisistyk, wist ik al dat it sa komme soe. Ik hoegde dan ek net nei te tinken en koe fuort tasizze.

Ynterpretaasje fan in tekst

Sûnt in skoftsje bin ik der mei ynnommen dat ik op de earste Dei fan de Fryske Letterkunde sprekke mocht. Dat komt troch it besprek fan Goffe Jensma fan De Jong syn proefskrift yn it tydskrift foar Frisistyk *Us Wurk*. Jensma neamt it stik trouwens gjin besprek, mar in ‘Nei oanlieding fan...’. Ja, eins is it ek gjin besprek, alteast gjin gewoan besprek. Op neat yn it boek wurdt winliken yngien, wat Jensma nei foaren bringt is yn haadsaak in wyld en woest ferhaal dat syn ôfstegering fan De Jong as promovendus rjochtfeardigje moat. Dêrnêst is syn stik in ophimeling fan foargongers yn de Frisistyk dy’t ek op Gysbert Japicx promovearre binne en wurdt Hein de Jong by einsluten weiset as goedwillende amateur en de begeliedings- en promoasjekommisjes yn Tilburg as jagers op promoasjepreemjes. Wat in minachting! En wêrom dy ophimeling? Ik kin der mei myn ferstân net by.

Jensma skriuwt: ‘De belangrykste betingst dêr’t lykwols oan foldien wurde moat is, behalven in útdaagjend teoretysk perspektyf, omtinken foar en kennis fan de histoaryske kontekst.’ (s. 66) It giet my om it wurd ‘moat’. ‘Moatte’ is in finzenis.

In hiele oare benadering fan in âldere tekst is mooglik. Ik pak ‘Friesche Tjerne’, lês en ynterpretearje dy tekst sa’t ik in roman fan ien, fiif, tsien, fyftich of hûndert jier lyn, in Gryksk drama, in Arthur-roman of wat ek lê. It giet my om wat dat boek my seit. It is foar my in tekst yn it no en ik lê him mei myn perspektyf. En de personaazjes dy’t ik der yn tsjinkom binne gewoan minsken as iksels. En dan kin men dêr mei in beskaat útgongspunt in hiele ynterpretaasje oer opbouwe. Bygelyks mei help fan psychoanalyse.

Arthur Schopenhauer hat it yn in stik oer ‘Skriuwe en styl’ oer de ‘stof’, de ‘foarm’ en it ‘wat’. By in tekst kin neffens him it kenmerkende yn de stof lizze, yn it objekt, of yn de foarm, it wat, en dan leit it kenmerkende yn it subjekt. De stof is wat brûkt wurdt, sa as de stof yn in brulloftsfers; de foarm, it wat, is wat in skriuwer dermei docht. Wat it ‘wat’ oangiet, dat definearret Schopenhauer as ‘it “wat” fan it tinken’: as de stof of it ûnderwerp bekend binne, bepaalt it ‘wat’ fan it tinken de wearde en dat leit yn it subjekt. Hy skriuwt dan: ‘As in boek yn dat opsicht treflik en unyk is, dan is de skriuwer dat ek. Dêrút folget dat de fertsjinste fan in lêsbere skriuwer grutter is al nei’t dy fertsjinste minder te tankjen hat

oan de stof, dat wol sizze al nei't dy bekender en mear ôfkôge is. Sa ha bygelyks de trije grutte Grykske trageedzjeskriuwers alle trije deselde stof bewurke. As it 'wat' de wearde bepaalt, kin allinne in hiel treflik skriuwer wat lêzensweardichs ôfleverje. Want de oaren sille hieltyd allinne dat tinke wat elkenien ek tinke kin. Se jouwe wol in ôfdruk fan harren geast, mar dêrfan besit elkenien it orizjineel.' (s. 186)

Schopenhauer seit ek wat oer de lêzers: 'It publyk ynteressearret him folle mear foar de stof as foar de foarm en bliuwt dêrom achter yn syn ûntwikkeling. Yn de meast bespotlike foarm is dat te sjen by literêr wurk, as it publyk yngeand op syk giet nei wat wier bard is of nei de omstannichheden dêr't de dichter it wurk yn skreaun hat. Dy wurde sels nijsgjirriger fûn as it wurk sels ... Bürger seit al: "Se sille letter gelearde ûndersiken dwaan nei wa't Lenore eins west hat.'" (s. 187) Gottfried August Bürger wie de auteur fan de Goatyske ballade 'Lenore', skreaun yn 1774, dy't in sensaasje yn hiel Europa wie.

De stof

Is 'Friesche Tjerne' in brulloftsfers, ja of nee? It antwurd op dy fraach is literêr sjoen allinnich nijsgjirrich as dêrnêst besocht wurdt om te sjen wat der oars oan is en wêrom? Mei oare wurden: wat docht de skriuwer mei de stof? Hoe set er dy yn?

Yn syn boek *Midfrysk goud – It bêste út 'e 17e iuw yn goed lêsber Frysk* hat Eric Hoekstra ek 'Friesche Tjerne' opnommen en wol tegearre mei 'Sjolle Kreamer en Tetsje' ûnder it kopke 'Gysbert Japicx as kluchtich moralist'. Yn syn ynliedend stik ûnder dy kop komt it wurd 'brulloftsfers' net foar. Hy ferliket 'Friesche Tjerne' wol mei de twa oare brulloftsfers dy't er opnommen hat 'Ansk en Houk' en 'Wouter en Tjalle'. Yn syn ynliedende stikken by dy beide teksten wurde se wol brulloftsfers neamd, mar sûnder dat dêr fierder in punt fan makke wurdt. Oangeande 'Ansk en Houk' seit er net mear as: 'Nijsgjirrige fraach is foar hok houlik oft de *Ansk en Houk* skreaun is. It is ommers in brulloftsfers, al hat it brulloftsfers him dan sa stadichoan ûntwikkele ta in selsstannige dialoach.' (s. 33) En yn syn ynliedend stik by 'Wouter en Tjalle' neamt er dat brulloftsfers meast foar de adel ornearre wiene. (s. 34) As Hoekstra it oer de resepsje fan 'Ansk en Houk' hat, is it aardich wat er nei foaren bringt oangeande it estetysk oardiel: 'Blykber wurde estetyske oardielen beskaat troch kultuer- en tiidbûne moralistyske oardielen. Sadwaande rint feroaring fan moraal út op feroaring fan estetysk oardiel.' (s. 33) Yn ús tiid stiet lêskerens heech oanskreaun, mar de oanwêzigheid fan in eksplisite moraal yn in literêre tekst net. Hoekstra ferliket 'Friesche Tjerne' mei 'Ansk en Houk' en 'Wouter en Tjalle' dan ek op it mêd fan de taal en de moraal. Syn negative oardiel oer Gysbert syn kluchtige fersen ('Friesche

Tjerne' en 'Sjolle Kreamer en Tetsje') is dat Gysbert Japicx syn taal hiel fier fan de Fryske sprektaal ôf stiet (hy tsjut yn syn ynlieding Japicx syn Frysk ek oan mei 'keunstmjittich') (s. 141), dat de humor net folle foarstelt en de karakters, sa as Tjerne, rydark binne foar in moralistysk-religieus boadskip. Fierders fynt er de dramatyske spanning yn 'Friesche Tjerne' lyts trochdat it fierhinne in monolooch is, wylst by it sjenre de dialooch-foarm heart. (s. 144)

Dat 'Friesche Tjerne' yn itselde hokje as 'Ansk en Houk' en 'Wouter en Tjalle' pleatst wurdt en de labels 'kluchtich wurk' en 'kluchtich-moralistyske stikjes' opplakt krijt, komt om't it gedicht altyd yn ferbân brocht is mei it sjenre brulloftsdichten om't it dêr guon kenmerken fan hat. Philippus Breuker skriuwt yn syn dissertaasje: 'De Tjerne is in gedicht op in brulloft, dat is wol dúdlik, mar oft it ek by it genre fan brulloftsfers heart, is minder maklik te sizzen.' (s. 304) Siebren Dyk betwivelet yn syn stúdzje oer it midfryske brulloftsfers oft 'Friesche Tjerne' dêr wol ta rekene wurde kin: 'Foarst omdat oars as by de measte brulloftsfers, yn de titel of op it titelblêd net de konkrete nammen fan breid en brêgeman en datum en it plak fan it houlik opnommen binne, en oard omdat it fers in opfallend lyts bytsje epitalamyske topoi befettet.' (s. 81) Breuker konkludearret: 'Op grûn fan Dyk syn útkomsten kin wol sein wurde, dat de Tjerne net neffens de foarskriften skreaun is. As men it genre statysk opfettet as in min of mear fêstlizzend gehiel fan retoaryske foarskriften, dan kin de Tjerne gjin brulloftsfers hjitte. Giet men lykwols út fan in hiel los ferbân fan eigenskippen, dan heart de Tjerne wol ta it genre.' (s. 305)

Dyk merkt ek op, dat oars as by it sjenre heart 'it humoristyske ûnbrekt'. (s. 12) En dan binne wy wer by wat Eric Hoekstra oer 'Friesche Tjerne' seit.

Hoe dan ek, nettsjinsteande de fragen dy't foar en nei opsmiten wurde, kin konkludearre, wurde dat de stúdzje oangeande 'Friesche Tjerne' hingjen bleaun is yn de bestudearring fan de stof. Der is net de stap set nei it 'wat' fan Schopenhauer. Om in stap fierder te kommen, soe oppere wurde kinne: yn 'Friesche Tjerne' makket Gysbert Japicx gebrûk fan elementen fan it brulloftsfers om in eigen ferhaal te fertellen, de stof dy't er brûkt is dy fan in literêr sjenre dat populêr wie yn syn tiid. En dat it oan de tiid fan ûntstean bûn is, sprekt fansels, dat is mei alle literatuer sa. Fruchtber is it dan om nei de ôfwikingen fan it sjenre yn 'Friesche Tjerne' te sjen. De tekst wurdt befrijd út it hokje 'kluchtich wurk' en it monoloochkarakter wiist de wei nei it personaazje dat de monolooch útsprekt.

Weiwezende opmerkings nei it personaazje ha der oars ek wol west. Sa binne Foeke Buitenrust Hetteema, Douwe Kalma, Jan Piebenga en Tony

Feitsma guon dy't Friesche Tjerne wol as persoan, as yndividu yn it fizioer hawwe, mar Philippus Breuker wol net oan sa'n ynterpretaasje en hy kin der fansels ek net de 'utering fan eigen, persoanlik libbensfielen fan GJ' yn sjen. (s. 312). Hy seit wol dat de ynterpretaasje fan it gedicht nau gearhinget mei de figuer Tjerne, mar syn opfetting is: it personaazje Friesche Tjerne is de skildering fan in santjinde-iuwske boer. Hy hinget it gedicht folslein op oan tiid en plak.

Mar no dit.

Yn it artikel 'Een schrijver leest Gilles Deleuze' fan romansier en essayist Dirk van Weelden yn *De Gids*, nr. 6, 2015, stiet dit: 'Deleuze syn tinkbylden oer literatuer, benammen dy yn *Kritisch en klinisch*, hawwe my de ôfrûne tritich jier sterke yn it gewraksel mei it meunster fan de fiksje, oftewol it probleem dat skriuwe ûnûntkomber in séanse is dêr't de geasten út dyn eigen ûnderfining en libben oproppen wurde, hoewol'tst dy ek ferkringst, hoe iverich ast ek fantasearrest en oan boeken, films en in oar syn ferhalen ûntlienst. Syn foarstel om de krêft fan it literêre te sjen yn it ûnpersoanlike ha ik altyd hiel behelpsum fûn. It gong der neffens him om om sa te skriuwen dat personaazjes en ûnderfiningen gjin ôfbyldingen wiene fan wat partikuliers en wat echts, mar ek gjin symboalen foar wat algemiens of universeels. Se moasten singulier, mar eksimplarysk wêze; krefter, in eksimplaar fan in soarte dy't noch net as soarte beskreaun wie. In nij 'in'. Dat befrijt de skriuwer fan de sinleaze en hinderlike fraach wêr of wat syn Ik is as er skriuwt, wat syn ferbylding oer syn persoan ferriedt, oft net alles in gefolch is fan in psychologysk defekt of in ûnbewust effekt fan in oedipaal langstme.

Dat ha ik my altyd neinaam: de skriuwer skriuwt fanút wêr't er lêst fan hat, wat him boppe de holle groeit; wêr't er letterlik of figuerlik siik fan wurdt, mar dat wol it bêste as er dat allegear net persoanlik opfettet. Elk minske is mar in knoop yn it weefsel fan 'e wrâld, by einsluten. Net it ôfbyldzjen mar it ôfskodzjen fan dy sykte is wat it skriuwen oandriuwet. Wat er skriuwt is gjin ekspresje fan syn neuroazen, ûnderfiningen, syn leafdes en avontueren, mar in manier om troch it skriuwen immen te wurden dy't ûntkomt oan de krêften dy't him boppe de holle groeid binne.'

Hjir kinne wy tinkt my fierder mei.

Eric Hoekstra sil my dat meistimme, want hy skriuwt nei oanlieding fan 'Sjolle Kreamer en Tjalle': 'As men it grutte kristlike oanpart yn syn wurk gewurde lit, dan falt fierder op hoe faak oft it tema reizgjen versus thúsbluwen útwurke is. Dy tsjinstelling wurdt, ek wer om religieuze redenen, altyd beslist te'n foardiele fan it thúsbluwen.' En dan komt it: 'Psychologysk betsjut dat alles dat Japicx bang wie om te reizgjen, en dat er him yn 'e frjemdte net thúsfielle en noflik bewege koe. Yn oare wur-

den, it wie in eigenheimer dy't syn eigen reiseangst en bangens foar de stêd mei religieus-literêre redenen goedprate.' (Hoekstra s. 147) Oft syn analyze al of net doocht, docht der no even net ta.

De Jong seit oer syn ûndersyk: 'Psychoanalytisch impliceert hier een methode van onderzoek van poëzie waarbij met vrij zwevende aandacht op de tekst wordt gereageerd met eigen associaties.' En ek: 'Het doel is om de identiteit van Tjerne en daarmee het gedicht beter te begrijpen. Deze doelstelling brengt met zich mee dat het personage gezien wordt als een levend persoon. De methode verschilt hierin van een puur letterkundige aanpak.' (s. 73)

Sicht op it personaazje Tjerne

Dat literatuerwittenskippers, skriuwers en lêzers gauris in skalk each ha op it loslitten fan de psychoanalytyske ûndersyksmetoade op literatuer, is De Jong him fan bewust en hy hat der ek begryp foar. Hy hellelet wat dat oangiet Van Coillie oan: 'Als we alle illusies over wetenschappelijkheid, objectiviteit en zekerheid achter ons laten, wat mogen we dan nog wel verwachten van analytische theorieën? Dat ze perspectieven openen, dat ze inspirerend en ontregelend zijn, dat ze duidelijk maken dat er nog veel raadselachtig is, dat ze ons helpen om beter te luisteren en beter te spreken, dat ze doordrongen zijn van het besef zelf meer fictie te zijn dan wetenschap en daar niet om treuren, dat ze interessant zijn voor de psychoanalyse en de psychopathologie en voor andere reflecties over de worsteling van de mens met zijn existentie.' (s. 25)

Ik neam twa arguminten dêr't De Jong it nut fan syn ûndersyk mei ûnderbout: 1. 'Het herkennen van aspecten leidde nooit tot een geïntegreerde visie op het gedicht... Met de psychoanalytische methode kan men inzicht verkrijgen in de ontwikkeling van het personage en verdrongen conflicten ontdekken, kunnen betekenissen van symptomen, samenhang van innerlijke belevingen en eigenaardigheden van de tekst duidelijk worden.' (s. 24) 2. 'Tegenover de beperking van dit onderzoek binnen de tekst te blijven, staat een mogelijke winst, want de beperking dwingt de diepte van de tekst te zoeken.' (s. 25).

Jensma skriuwt yn syn 'Nei oanlieding fan' dat De Jong ûnder oaren ôfstân nimt fan de Frysknasjonale tradysje fan de literatuerskiednis, fan de âldere literatuer en ûnwil toant om te witten. Dat is nei myn betinken hielendal net sa. Hy docht net mear as syn psychoanalyse der nêst sette om sicht te krijen op it personaazje Tjerne en hjir en dêr leit er dêrby in link nei Gysbert Japicx. En hy leit ien en oar rêstich út. Jensma seit ek dat De Jong hiel slûchslim de konklúzjes fan Breuker en Dyk oernimt dy't him útkomme, sa as dy oangeande de fraach oft 'Friesche Tjerne' in brulloftsfer is of net. (s. 64) De Jong seit: 'Mijn conclusie is dat 'Friesche

Tjerne' geen voorbeeld is van een huwelijksgedicht.' (s. 50). Yn myn eagen is mei dy konklúzje neat mis. Hy slút hielendal oan by wat Breuker en Dyk sizze en iepenet de doar nei wêr't Schopenhauer it oer hat: it omtinken rjochtsje op it 'wat'.

Jensma mient ek ôfweve te moatten mei De Jong syn skriuwstyl, want syn sinnen soene ienfâldichwei net opinoar oanslute: 'Se binne oer it algemien los noch wol te begripen, mar hoe't de iene sin logysk by de oare oanslút fakentiids net.' (s. 62) De Jong soe dêrnêst sloarderich wêze en kompositoarysk swak. Ik sil net sizze dat der hielendal neat oan mankearret of nearne in fraachteken by set wurde kin, mar foar it oare koe ik De Jong prima folgje.

De Jong hat de sprong weage dy't de eardere ûndersikers fan it wurk fan Gysbert Japicx net weagje doarsten. Jensma wol noch wol tajaan dat De Jong lef hat. Jensma hie meispronge kinnen mar hie it lef net. In kwestje fan kâldwetterfrees.

Wat oan Jensma syn stik opfalt is dat er op gjin inkelde wize op De Jong syn befiningen yngiet en dat is o sa spitich. Yn de haadstikken 'Over het gedicht' en 'Over Tjerne' traktearret Hein de Jong ús op withoefolle nijsgjirrige observaasjes en analyzes.

Hy skriuwt bygelyks: 'De rijmwoorden kunnen, in plaats van meer diepgang mogelijk te maken, de lezer ook in slaap wiegen. De afweer van bewustwording van inhouden kan zodanig toenemen dat de lezer veel ontgaat en hij zich gaat vervelen of over de impliciete tekst heen leest. In dit onderzoek is de uitzondering op het rijm interessant. Het betreft 'bemodder' in (regel) (24). Had Gysbert Japicx het te verwachten rijmwoord 'beschijten' gebruikt, zou dat in psychoanalytisch opzicht weinig hebben uitgemaakt voor het volgende betoog. Het toepassen van het weesrijm moet desondanks in de studie begrepen worden als een betekenisvol symptoom. Het trekt de aandacht van de lezer en vraagt om een verklaring.' (s. 211).

Op, yn earste ynstânsje, stilistysk nivo is ien fan de sinjalearringen fan De Jong it weromkearend patroan fan rigen mei trije wurden (s. 196-199) sa as bygelyks 'Feynten, Famnen, Bern' en 'Beauwe, Bints in Royts'). It gedicht bestiet út trije ûnderdielen, 'Heden', (dat út twa parten bestiet en in monolooch fan Tjerne is), it ûnderdiel 'Verleden' (it liet, de twaspraak yn lietfoarm tusken Tjerne en Ynstke, dy't Tjerne sjongt, en dy't tusken de twa parten 'Verleden' yn stiet) en 'Toekomst (de saneamde 'To-heacke', wer in liet dat Tjerne sjongt en dat goeried befettet foar in pear dat trouwe wol). Allinne yn de beide ûnderdielen 'Verleden' komme sokke rigen mei trije wurden foar en wol tolve kear en it ferskynsel kin dêrom oantsjut wurde as in weromkearende stylfiguer. It sinjlearjen allinne al fan dy stylfiguer is fertsjinstlik, want De Jong stelt fêst: 'Tot op heden

ben ik in de literatuur over de *Friesche Tjerne* geen artikel tegengekomen met aandacht voor dit soort driewoordencombinaties.’ (s. 199) Dat tsjut op in beskate earmoede binnen it ûndersyk dat oant no ta oan it gedicht wijd is. Mar wat leveret de fokus op dy rigen mei trije wurden binnen it psychoanalytyske ûndersyk fan De Jong op?

De tolve ‘trijewurderigen’ binne yn gronologyske folchoarder:

- ‘Feynten, Famnen, Bern’(r. 6)
- ‘Beauwe, Bints in Royts’(r. 11)
- ‘hird, in wiet, in gled’ (r. 22)
- ‘Bjear, Hamme in Taback’ (r. 23)
- ‘ick kijk! ick loyts! ick sjog’ (r. 27)
- ‘Sulver, Stient in Goud’ (r. 29)
- ‘Beammen, Krud in Djier’ (r. 32)
- ‘Brægeman in Breed ney Bed-lehim’ (r. 37)
- ‘ick lille’ ick bortte ick sobbe’ (r. 40)
- ‘so jamck, so wrâldsch, so wijld’ (r. 99)
- ‘so moy, so fraey, so ljeaflijck’ (r. 104)
- ‘y droagje’ y sliepje’ y weytse’ (r. 105)

De Jong ferliket de rigen mei-inoar en komt sa op it spoar fan ûntjouwingen dy’t har by Tsjerne foardogge. De rige yn rigel 27 stiet yn de no-tiid en dy yn rigel 40 yn de doetiid: ‘Het verschil... geeft aan dat Tjerne op weg is naar de kamer van het bruidspaar waar hij zich associatief een herinnering aan zijn eigen liefdesgeschiedenis bewust wordt.’ En binnen dy twa rigen giet it yn dy op rigel 27 om ‘een stijgende lijn van nieuwsgierigheid’ en by dy op rigel 40 om ‘een stijgende lijn in erotische intimiteit’. Oangeande de rige yn rigel 37 wiist De Jong op it aspekt fan de útsûndering, dy’t yn de oare trijewurderigen net oanwêzich is. Yn de neamde rige is it tredde elemint nêst breid en brægeman gjin minske, mar in foarwerp: in bêd (De Jong syn ynterpretaasje fan ‘Bed-lehim’). De Jong wol ha: ‘Het bed doet niet mee in de oedipale driehoek, het kind doet niet mee aan de conceptie...De driewoordenreeksen onthullen een aspect van de oedipale problematiek, namelijk het buitengesloten worden van Tjerne, terwijl hij met tweemaal drie “icken” (De rigen yn de rigels 27 en 40, P.B.) in de drie-eenheid opgenomen had willen zijn...In de ontwikkeling van het kind is de driehoek bepalend, of dat nu voor of na Freud of na hem wordt beschreven...In de tijd van Gysbert Japix was dat net zo als tegenwoordig. Op zichzelf is het niet zo verwonderlijk dat een creatieve introspectieve man als Gysbert Japix daar op voorbewust niveau weet van had en het thema driehoek in de poëzie gebruikte.’ (s. 198-199).

De trijewurderige 'Brægeman in Breed ney Bed-lehim' yn rigel 37 makket diel út fan de passaaasje yn de rigels 36-38, dy't De Jong ynterpretearret as it plak dêr't de oersêne 'gesuggereerd wordt' (s. 285). Ik sitearje dy trije rigels:

'Ho! Schil uwz hijmmelsche haad, hier, ijn Jerus'lem rjide?
Æf tjea de Brægeman in Breed ney Bed-lehim
De Spijl-ljue filje' ijnn'pleats fenn' âde Hosanna-stem.

De oersêne is yn De Jong syn wurden: 'Dit is de geslachtelijke vereniging van de ouders, zoals die door het kind wordt waargenomen of gefantaseerd.' (s. 419). Tjerne belibbet dy oersêne op 'e nij as er út de keuken troch de feestâl nei de sliepkeamer fan de lânhearre en syn breid rint. De Jong skriuwt: 'Tjerne heeft intuïtief op geleide van genezende tendenzen zelf de plek opgezocht waar deze herinneringen bewust kunnen worden. Het overvalt hem desalniettemin. Door het prille geluk van het bruidspaar met een verwachtingsvolle anticipatie op een erotisch samenzijn, wordt door Tjerne in fantasie een streep gehaald. Hij staat er buiten, zoals hij vroeger tijdens de oerscène buitenspel werd gehouden. Tjerne herhaalt, in overdracht op het bruidspaar, de ervaring van een derde die buitengesloten is. Na het opheffen van het traumatische beeld van de oerscène is er ruimte om zijn eigen levensgeschiedenis onder ogen te zien.' (s. 285-286). Want dan kin er it folgjende sizze:

'Da 'k boaske', er'n oon uwz Ynts (het wier ick jiette yen Jobbe!
In jæ wier earm' Djeaer jong) ick lill'ick bortte ick sobbe;
Ynts knuck-forsche my weer, so lordig in so swiet:
O jeugd! O swiete jeugd! Ick mecke in sjongsum Liet
Fen uwz eyn' Booschery; hertse: elck sijn ber iz 't rijme
'k Sil sjonge frjunen, 't het de *Tea fan Mâlle Sijme*.'

De Jong stelt: 'Onvoorbereid op een feest komen en openstaan voor associaties en herinneringen zonder oordelen, is als vrije associatie in een psychoanalytische behandeling. Om die innerlijke opdracht tot heling te kunnen vervullen, moest Tjerne een regressieve beweging maken. Zo niet dan blijft het verdrongen ingekapselde psychotrauma een hinderpaal voor verdere ontwikkeling. Hij had natuurlijk het feest kunnen vermijden of meteen na het overhandigen van de huur weg kunnen gaan. Maar Tjerne voelde kennelijk aan dat er mogelijkheden waren voor genezing. Hij moet voorvoeld hebben dat zijn innerlijke leven zonder opheffing van het trauma verder had kunnen verstarren.' (s. 288).

Ieneach is kening

Yn Hein de Jong syn ynterpretaasje krije de trije ûnderskate dielen dêr't gedicht út bestiet gearhing en wurde yn de rin fan de brulloftsbesite it trauma fan de oersêne, de ferhâlding ta syn âlden en it trauma fan syn mislearre relaasje mei Yntskje ferwurke. Dêryn nimme bygelyks de lânhear en syn breid it plak yn fan syn âlden. De Jong syn ynterpretaasje fan 'Friesche Tjerne' komt oertsjûgjend oer om't it gedicht der koherinsje troch krijt en de ûnderskate eleminten fan it gedicht tige oan betsjutting winne. Hy lûkt yn syn boek ek linen nei mominten yn it libben fan Gysbert Japix en lit dêrmei sjen dat in ynterpretaasje fan it gedicht as autoanalyse fan de dichter sels ek noch wol it nedige ynsjoch opleverje kin. Jensma is fan betinken dat De Jong yn it wylde wei analysearret en wol dat bewize mei oan te heljen wat De Jong nei foaren bringt oangeande de namme Tjerne. Dat is assosjearjend, dat is spekulêrjend, mar it giet net yn it wylde wei.

Nei oanlieding fan syn analyse lit De Jong ek spekulêrjend syn ljocht skine oer de Fryske literatuer yn syn algemienens: 'De Friese literatuur heeft zich eeuwenlang als de 'Onbekende' zoon opgesteld. Pas in de 19e eeuw komt het literaire zelfbewustzijn van Friesland weer enigszins terug met Halbertsma. Ook daarna heeft de Friese literaire groep zich te veel opgesteld als een ondergeschikte zoon van de grote Gysbert Japix. Zie in dit verband ook de inleiding van Anne Wadman. (It giet om it boek *Frieslands dichters*, P.B.) De paradox is dat Gysbert Japix in de *Friesche Tjerne* juist aangeeft, zij het verhuld, dat (literaire) vaders er zijn om voorbijgestreefd te worden, opdat het 'ick' zich ten volle kan ontplooiën.' (s. 318). En yn syn 'Nabeschouwing' borduert De Jong nei oanlieding fan 'e resultaten fan syn ûndersyk op it foargeande troch: 'Gysbert heeft op dichterlijke wijze Tjerne in al zijn creatieve kracht en menselijke zwakte beschreven en daarmee een echt mens neergezet, die als eerste held in de Friese literaire canon beschouwd moet worden. Een simplificatie of idealisering van de figuur Tjerne kan de ontwikkeling van de literaire wereld in Friesland niet dienen. Huidige dichters kunnen door de Tjerne die in dit onderzoek naar voren komt, hopelijk geïnspireerd raken.' (s. 410).

De Jong skriuwt: 'Voor het begrijpen van analytisch materiaal en dus ook van deze studie, moet men zich mee laten voeren in een regressie met het verlaten van het rationele secundaire proces en het meevoelen van het primaire proces waar tegenstellingen naast elkaar kunnen bestaan.' (s. 68).

Jensma woe dat net, ik wol. En ik mei hoopje de Frisistyk fan dit stuit ôf ek. Ik sjoch it sa: De Frisistyk stelt op it taalkundige flak wol wat foar, sawol yn 'e breedte as de djippte; dêrfoaroer is it mei it wittenskiplik ûnder-

syk fan de Fryske letterkunde min steld. As dan immen promovearje wol op in psychoanalytyske stúdzje fan in gedicht fan Gysbert Japicx, docht bliken dat it universitêr ûndersyk him fan in paradigma betsjinnet dat dy psychoanalytyske stúdzje bûtenslút: ieneach is kening en it liket my ta dat de Frisistyk him dat net permittearje kin.

Literatuer

- Piter Boersma, 'De djipste fan Tjerne', yn: *Ensafh*, nr. 2, 2016, s. 20-25.
- Ph.H. Breuker, *It wurk fan Gysbert Japicx*. Fryske Akademy, Ljouwert 1989; (s. 304, 305, 312).
- F. van Coillie, 'Van ware woorden en schone letteren. Psychoanalyse in onze tijd', yn: *Tijdschrift voor psychoanalyse*, jiergong 17, nr. 2, s. 97-107.
- S. Dijk, 'It Midfryske brulloftsfers en in part fan de epitalamyske tradysje', yn: *Philologia Frisica 1984*. Fryske Akademy, Ljouwert 1986, s. 76-92; (s. 81).
- Siebrën Dyk, *It midfryske brulloftsfers en de epitalamyske tradysje*. Fryske Akademy, Ljouwert 1987; (s. 12).
- Eric Hoekstra, *Midfrysk Goud – it bêste út 'e 17e iuw yn goed lêsbere Frysk*. Utjouwerij Elikser, Ljouwert 2015; (s. 33, 34, 48, 147).
- Goffe Jensma, 'Tjerne op 'e divan', yn: *Us Wurk*, jiergong 65, jefte 1-2, ss. 57-67. Frysk Ynstitút, Grins/Groningen 2016; (s. 62, 64, 66).
- Hein de Jong, *Een psychoanalytische studie van poëzie. Geïllustreerd aan de Friesche Tjerne van Gysbert Japicx*. Bornmeer, Gorredijk 2015; (s. 24, 25, 50, 68, 211, 318, 410).
- Arthur Schopenhauer, *Er is geen vrouw die deugt*. Uitgeverij De Arbeiderspers, Amsterdam/Antwerpen 1974. (s. 186, 187).
- Dirk van Weelden, 'Een schrijver leest Gilles Deleuze', yn: *De Gids*, jiergong 178, nr. 6, 2015. (s. 28-30).

↑